

Examen VMBO-GL en TL
2017

tijdvak 1
woensdag 24 mei
9.00 - 11.00 uur

Fries CSE GL en TL

Bij dit examen horen een bijlage en een uitwerkbijlage.

Beantwoord alle vragen in de uitwerkbijlage.

Dit examen bestaat uit 43 vragen.

Voor dit examen zijn maximaal 47 punten te behalen.

Voor elk vraagnummer staat hoeveel punten met een goed antwoord behaald kunnen worden.

Tekst 1 Nije Oude Willem

- 1p 1 Yn de ynlieding boppe de tekst stiet: “De natuer krijt it foar it sizzen”. Hokker byldspraak brûkt de skriuwer hjir?
- A in ferliking
 - B in metafoar
 - C in metonymia
 - D in personifikaasje
- 1p 2 Wat is de funksje fan alinea 1?
It is it yntrodusearjen fan
- A it begryp lânbou-enklave.
 - B it gebiet Oude Willem.
 - C it plan fan de twa provinsjes.
 - D it probleem fan de ûntginners.
- 1p 3 Oude Willem tanket syn namme oan in persoan.
→ Wa wie dy persoan eins?
- 2p 4 Hokker twa tsjinstelde ûntwikkelingen wurde beskreaun yn de alinea's 1 en 2?
- 1p 5 Wêrom moat Oude Willem neffens de provinsjes Fryslân en Drinte syn agraryske funksje ferlieze?
Oude Willem moat syn agraryske funksje ferlieze omdat
- A boerelân en in natuergebiet net tegearre kinne.
 - B de agraryske aktiviteiten it omlizzende gebiet skea dogge.
 - C Oude Willem fan âlds in natuergebiet is.
 - D Oude Willem gaadlik wurde moat as natuergebiet.
- 1p 6 Wat is de relaasje tusken de alinea's 2 en 3?
- A Yn alinea 3 wurde de wichtichste oarsaken fan de yngrepen út alinea 2 neamd.
 - B Yn alinea 3 wurde ferwachte resultaten fan de yngrepen út alinea 2 neamd.
 - C Yn alinea 3 wurde inkelde neidielen fan de yngrepen út alinea 2 neamd.
 - D Yn alinea 3 wurde spesifike foarbylden fan de yngrepen út alinea 2 neamd.

- 1p 7 “Lânskip yn beweging’, neamt Bos dat.” (rigels 56-57)
Wêr doelt er hjir op?
De oerbliuwsels fan de agraryske bebouwing
A yrritearje de plannemakkers.
B krije in nije bestimming.
C litte de skiednis sjen.
D wurde mei de tiid fuorthelle.
- 1p 8 “Hy hat it liif fol fan de hâlding fan de oerheden” (rigels 65-67)
Wat wurdt dêr yn dizze tekst mei bedoeld?
A Hy begrypt noch hieltyd net wat de oerheden fan him wolle.
B Hy hat skjîn syn nocht fan hoe’t de oerheden mei him omgean.
C Hy is teloarsteld omdat de oerheden nea mei him praat hawwe.
D Hy wol tige graach de winsken fan de oerheden neikomme.
- 1p 9 Wêrom wurdt noch op ien boerebedriuw buorke yn it gebiet Oude Willem?
Dêr wurdt noch buorke omdat
A dat bedriuw al sûnt 1916 bebuorke wurdt.
B der noch gjin oerienstimming is.
C it bedriuw in famyljebedriuw is.
D it bedriuw in protte jild opleveret.
- 1p 10 Beide provinsjes wolle graach dat meikoarten begûn wurdt mei it tichtsmiten fan sleatten, it fuortheljen fan hikken en it graven fan in slinke.
(rigels 72-78)
→ Wêrom sil it dan noch jierren duorje foardat Oude Willem de natuerwearde hat dy’t de inisjatyfnimmers foar eagen hawwe?
- 1p 11 Wat is de funksje fan alinea 6?
Alinea 6 jout
A in advys.
B in anekdoate.
C in foarsizzing.

De volgende inleiding hoort bij de vragen 12 en 13.

Yn de tekst komme trije ûnderwerpen oan de oarder:

- 1 Plannen
- 2 Skiednis
- 3 Behinderingen

- 1p 12 By hokker alinea begjint de beskriuwing fan de skiednis?
A by alinea 2
B by alinea 3
C by alinea 4
- 1p 13 By hokker alinea begjint de beskriuwing fan de behinderingen?
A by alinea 4
B by alinea 5
C by alinea 6
- 1p 14 Wat is it wichtichste doel fan de tekst?
A ferdivedearje
B ynformearje
C oantrune
D oertsjûgje

Tekst 2 In stoarm bringt Grouster rêder altiten Seelân yn it sin

- 1p 15 Wat is it ferbân tusken de lêste sin fan alinea 2 (rigels 15-19) en alinea 3?
A It is in konkludearjend ferbân.
B It is in opsomjend ferbân.
C It is in redenjouwend ferbân.
D It is in tsjinstellend ferbân.
- 1p 16 Haite Seldenrust wie noch jong yn de tiid fan de wettersneedramp. Wêrom waard er dochs oan de groep taheakke?
A Haite foel yn foar in skou-eigener dy't net meigie.
B Haite hie al in rydbewiis en waard dan ek reservesjauffeur.
C Haite wie betûft as rêder fan minsken dy't te wetter rekken.
D Haite wie noch net troud en hoegde dus syn húshâlding net te ferlitten.
- 1p 17 “It wie eins net te begripen” (rigel 44)
Wat wie net te begripen?
A dat fuort nei oankomst mei de rêdingsaksje begûn waard
B dat it wetter sa heech stie
C dat mei-inoar 1500 minsken rêden binne
D dat se yn sok min waar oan de slach giene

- 1p 18 Wat is de kearnsin fan alinea 4?
- A "Hidde Halbertsma, destiids direkteur fan de Halbertsmafabriken, gie ek mei en wie de grutte regeler." (rigels 33-35)
 - B "Dêrnei waarden de Grousters nei Ooltgensplaat yn Seelân ta brocht." (rigels 38-40)
 - C "Yn trije dagen rêde de ploech goed 1500 minsken." (rigels 41-43)
 - D "It wie eins net te begripen: wy fearen by de goaten fan huzen del." (rigels 44-46)

- 1p 19 Hokker kopke past it bêste boppe de alinea's 5 en 6?
- A Rampgebiet
 - B Rêdingsaksje
 - C Slachtoffers
 - D Tiidneed

- 1p 20 "Trije dagen en nachten wiene Seldenrust en syn maten yn it spier." (rigels 66-67)
Troch hokker wurdgroep soest it sinpart 'yn it spier' ferge kinne?
- A drok dwaande
 - B yn it wetter
 - C slim siik
 - D ûnderweis nei hûs ta

- 2p 21 Hokker twa gefolgen hie de rêdingsaksje foar Haite neffens alinea 7?

- 1p 22 Wat is de haadgedachte fan alinea 8?
- A By it weromsjen fan Ooltgensplaat wie it byld foar Seldenrust tige oars.
 - B De Grousters wiene tsien jier lyn útnûge om werom te kommen.
 - C Seldenrust hat it lange tiid te swier fûn om werom te gean nei Ooltgensplaat.
 - D Seldenrust wie sels net by de ûntbleating fan it monumint oanwêzich.

- 1p 23 "Yn 2003 ... huzen op." (rigels 85-86)
→ Sitearje it sinpart dat ferbân hâldt mei dizze slotsin.
Helje dyn antwurd út alinea 4.

In skriuwer kin by it skriuwen fan in tekst gebrûk meitsje fan

- 1 feiten
- 2 syn eigen miening
- 3 oarmans miening(en)

- 1p 24 Wêr is yn dizze tekst gebrûk fan makke?
- A 1 en 2
 - B 1 en 3
 - C 2 en 3
 - D 1, 2 en 3

- 1p 25 Wat binne de wichtichste doelen fan dizze tekst?
A ferdivedearje en ynformearje
B ferdivedearje en oertsjûgje
C ynformearje en oertsjûgje
- 1p 26 De titel fan de tekst is 'In stoarm bringt Grouster rêder altiten Seelân yn it sin'.
→ Wat foar kritek kinst op dy titel jaan?
Brûk alinea 1 by dyn antwurd.
- 2p 27 Yn de tekst wurdt de skiednis beskreaun oan 'e hân fan dingen dy't bard binne.
→ Set de sân dingen yn de goede folchoarder troch yn de útwurkbylage de letters efter it goede sifer te setten.
a Der wurdt fee út it oerstreamde gebiet helle.
b De skouwen wurde op trailers rjochting Seelân brocht.
c Slachtoffers út de buert fan it doarp wurde út benaude posysjes helle.
d De Grousters betinke de ramp yn Ooltgensplaat.
e Boargemaster Renken ropt de Grousters op om skouwen beskikber te stellen.
f De skouwen wurde mei in skip ferfierd.
g De Grousters rêde ynweners fan Ooltgensplaat.
- 1p 28 Wêrom is it artikel krekt op dizze datum publisearre?
A omdat der in offisjeel monumint foar de rêdingsaksje ûntbleate waard
B omdat Haite Seldenrust graach op dat momint syn ferhaal fertelle woe
C omdat it 60 jier lyn wie dat de wettersneedramp yn Seelân begûn
D omdat it de deis foar de publikaasje alderferskuorrendst stoarme hie

Tekst 3 In wettersneedramp kin him moarn foardwaan

- 1p 29 Hoe kaam it dat yn de nacht fan 31 jannewaris op 1 febrewaris 1953 de diken it bejoegen?
- 1p 30 Hoefolle minsken kamen der by de wettersneedramp om?
A krekt 1835 minsken
B mear as 1835 minsken
C minder as 1835 minsken
D op syn minst 1835 minsken

- 1p 31 Yn hokker alinea's wurdt yngien op wat minsken dwaan moatte by in wettersneedramp?
A yn de alinea's 1 en 3
B yn de alinea's 1 en 4
C yn de alinea's 2 en 3
D yn de alinea's 2 en 4
- 1p 32 "Flechtsje kin dan net mear." (rigel 12)
→ By hokker opmerking heart dy konklúzje?
- 1p 33 Op hokker natuerlike ympuls wurdt doeld yn alinea 2?
- 1p 34 Wêrom binne neffens de skriuwer Japanners by natuerrampen better taret as Nederlanners?
- 1p 35 "Sjoch om dy hinne en tink nei: wêr kin ik hinne as it wetter komt?"
(rigels 34-36)
Wat soe neffens de tekst it bêste antwurd op de fraach yn it sitaat wêze?
A gean fuort mei de auto
B gean yn dyn eigen wente
C gean nei in dyk ta
D gean nei in heech plak tichteby
- 1p 36 Hokker bewearing is wier neffens alinea 4?
A Huzen dy't by in gat yn de seedyk steane, hawwe grutte kâns om yn te stoarten.
B Huzen dy't tichteby in seedyk steane, stoarte earder yn as huzen op oare plakken.
C Huzen mei in soad minsken op 'e souder stoarte earder yn.
- 2p 37 Hokker twa warskôgingen jout Hoes yn alinea 5?
- 1p 38 Yn alinea 5 seit Hoes: "Alle rampen hawwe in omslachpunt" (rigels 55-56).
→ Wat bedoelt Hoes mei 'omslachpunt'?
- 1p 39 "Wolsto dêr de hiele nacht stean mei it wetter boppe de mul, by in temperatuer fan fjouwer graden en in bern op 'e earm?" (rigels 67-71)
Wêrom stelt Hoes dizze fraach?
Hy wol hjirmei oanjaan dat
A der in risiko op mear dyktrochbraken bestiet.
B in echt grutte ramp him net foarsizze lit.
C it wichtich is om sa gau mooglik fuort te gean.
D op 'e tiid betocht wurde moat wêrhinne te flechtsjen.

Let op: de laatste vragen van dit examen staan op de volgende pagina.

- 1p 40 Yn de alinea's 5 oant en mei 7 wurdt inkelde kearen it wurd 'evakuaasje' brûkt.
Wat wurdt dêr yn dizze tekst mei bedoeld?
- A flechtsje by in oerstreaming neidat in dyk trochbrutsen is
 - B gefaarlike plakken en gebieten op plande wize ûntromje
 - C hoe te hanneljen as in ramp by nacht bart
 - D minsken by in ramp fuortstjoere út harren huzen
 - E romte meitsje yn de tichtbefolke Rânestêd
- 1p 41 De titel fan de tekst is: 'In wettersneedramp kin him moarn foardwaan'.
Yn hokker alinea wurdt hjir ynhâldlik op yngien?
- A yn alinea 3
 - B yn alinea 4
 - C yn alinea 5
 - D yn alinea 6
- In skriuwer kin by it skriuwen fan in tekst gebrûk meitsje fan
- 1 feiten
 - 2 syn eigen miening
 - 3 oarmans miening(en)
- 1p 42 Wêr is yn dizze tekst benammen gebrûk fan makke?
- A 1 en 2
 - B 1 en 3
 - C 2 en 3
 - D 1, 2 en 3
- 1p 43 Wat is it doel fan de skriuwer mei dizze tekst?
De skriuwer wol de lêzer
- A ferdivedearje mei anekdoaten oer superstoarmen.
 - B ynformearje oer ferskillende soarten fan superstoarmen.
 - C oantrune om him goed te ferdjipjen yn superstoarmen.
 - D oertsjûgje net te maklik te tinken oer superstoarmen.

Bronvermelding

Een opsomming van de in dit examen gebruikte bronnen, zoals teksten en afbeeldingen, is te vinden in het bij dit examen behorende correctievoorschrift, dat na afloop van het examen wordt gepubliceerd.